

1666: De Ingelske fuery op Flylân en Skylge

Rob Leemans en Jan de Vries

Doe't de histoarikus dr. Anne Doedens en 'e Flylânkenner en -skiednis-ûndersiker Jan Houter, bekend fan harren yn 'e mande publisearre boeken 1666: *De ramp van Vlieland en Terschelling* (2013) en *De geschiedenis van de Wadden. De canon van de Waddeneilanden* (2015), by it bestjoer fan 'e Wurkgroep Maritime Skiednis fan 'e Fryske Akademy oankloppen om oer de ramp fan 19 en 20 augustus 1666 te praten, wiene wy as bestjoersleden wat fernuvere. Fansels wie de ramp op it Fly en Skylge wol bekend, mar net hokker *impact* oft dy hân hie. Doedens en Houter hiene wiidweidich stúdzje fan 'e ramp makke en fregen ús oft wy kânsen seagen om oan 'e útkomsten fan harren ûndersyk mear bekendheid te jaan.

It bestjoer fan 'e Wurkgroep Maritime Skiednis seach yndied it belang fan it buorkundich meitsjen fan 'e kennis oer '1666' yn, foaral ek, om 'e ynfloed dêrfan op it ferfolch yn 'e Ingelske Oarloggen.

Al gau waard besletten om it jierlikse symposium fan 'e Wurkgroep oan '1666: De Ingelske fuery op Flylân en Skylge' te wijen. Wilens dat symposium, dat hâlden waard op 21 jannewaris 2017 yn 'e Maritime Akademy te Harns, kamen ûnderskate nijsgjirrige fyzjes nei foaren. By in soad minsken is it belang fan 'e beide seegatten de Tekselstream en it Fly yn 'e santjinde iuw net bekend. Dy seegatten wiene de 'parkearplakken' foar de skippen dy't út 'e Sudersee wei nei oerseeke bestimmings útfoeren. Dêr leine geregeldwei in soad skippen op 'e rede te wachtsjen mei gâns en kostbere lading oan board.

De oanfal troch Robert Holmes, in Ingelske skout-by-nacht, hat gâns *impact* hân. Dat de Ingelsen de rede opkamen wie al bysûnder en waard mei mooglik makke troch it ferrie fan 'e Nederlânske kapitein Laurens van Heemskerck.

It ferneatigjen fan 'e tusken de 140 en 150 op 'e rede lizzende keapfardij-skippen like de ekonomy fan 'e Nederlânske Republyk in soad skea ta te bringen (de rûzing is twa à trije miljoen gûne, de skea oan it sawat alhielendal troch brân ferlern giene West-Skylge net meirekkene). Nijsgjirrich is lykwols, dat op 'e ien of oare wize de ynfloed op 'e Nederlânske ekonomy ek wer in slach ta like te fallen. Blykber hie de Republyk frijwat finansjele reserve en in grutte fearkrêft.

De neamde brân fan West-Skylge, dêr't fjouwer minsken by om it libben kamen, hat sawat it hiele doarp yn 'e jiske lein. Allinne de tsjerke, fjoertoer De Brandaris en it riedhûs ûntsprongen de ferskriklike dûns. Troch

it wurk fan 'e pleatslike dûmny Johannes Grevenstein is yn Nederlân gâns jild ynsamle en koe it libben op West nei in skoftsje wer op 'e glead komme. Hjoed de dei binne noch altiten de spoaren fan 'e brân te sjen by en yn museum Het Behouden Huys op West-Skylge.

It belibjen fan it ferneatigjen fan 'e skippen en 'e brân op West-Skylge – East-Flylân waard ferwoastging troch de Ingelsen besparre troch opkommend min waar! – hat yn Ingelân hiel oars west as yn 'e Republyk. Yn Ingelân waard it as in heldedie fan Robert Holmes en syn manskippen sjoen en dat is, út 'e Ingelske wize fan sjen wei, ek skoan te ferklearjen. Gjin niget, dat de ramp (foar de Nederlanners) fan 1666 wól yn 'e Ingelske skiednisboeken foarkomt, mar mar amper yn 'e Nederlânske!

It ferfolch, nammentlik de revâns troch de Republyk yn 'e foarm fan 'e ferneatigjende oanfal ûnder lieding fan admiraal Michiel de Ruyter op 20 juny 1667 op 'e Ingelske marinebasis Chatham, komt wól yn 'e Ingelske skiednisboeken foar, mar wurdt wíér breed útmetten yn 'e Nederlânske skiednisboeken! Koartsein, in moai ûnderwerp om omtinken oan te jaan, sawol út Nederlânske as út Ingelske ynfalshoeke wei.

Yn dizze ôflevering fan *It Beaken* wurde fjouwer fan 'e op it '1666-symposium' fan 21 jannewaris 2017 hâlden lêzingen yn artikelfoarm publisearre: dr. Paul C. van Royen skriuwt oer 'Het belang van Vliestroom en Texelstroom voor de koopvaardij'; dr. Adri P. van Vliet smyt ljocht op 'e wichtichste taken fan 'e fiif admiraliteiten yn syn stik 'Van centraal naar decentraal. De marineorganisatie tijdens de Republiek'; dr. Jaap de Kam set yn syn 'De Engelse Zeeoorlogen: een ontwikkeling van de betrekkingen tussen twee maritieme naties en twee supermachten in de 17^e eeuw' op oersichtlike wize de trije oarloegen yn harren kontekst en dr. Gijs Rommelse giet, yn oparbeidzjen mei dr. Roger Downing, yn op 'e ûnderskate nasjonale wizen fan sjen wat '1666' oanbelanget yn 'e ôfslutende bydrage "Holmes's bonfire", an interpretation of national identities'.

